

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke gearwurking mei it ûnderwiis fine wy essinsjeel foar in moaie takomst fan de Fryske taal. Wy sykje in:

### HAAD UNDERWIIS

*foar 28 oant 36 oeren wyks*

De Afûk is in wichtige partner binnen it Frysk ûnderwiis. Yn de ôfrûne jierren hawwe wy in digitale metoade foar it skoalfak Frysk ûntwikkele yn it basisûnderwiis (Spoar 8) en yn it fuortset ûnderwiis (Searje 36). Wy binne ek dwaande mei it Frysk op it mbû en hbû en yn it spesjaal ûnderwiis. Dêrneist jout de Afûk kursussen Frysk foar folwoeksenen, sawol oan partikulieren as saaklik (bygl. by gemeenten, provinsje, yn de soarch, by bedriuwen en ynstellingen).

Sûnt 2021 is de Afûk ien fan de partijen yn it Taalplan Frysk 2030 en wy wurkje dêryn gear mei partners lykas Cedin, NHL Stenden, Semko, Fers en Keunstwurk en mei it ûnderwiisfjild sels. It ûnderwiisteam bestiet út sa'n tsien belutsen en saakkundige meiwurkers, wêrûnder trije projektlieders foar it pû, fû/sû en mbû/hbû.

#### Taken:

- do joust lieding oan it ûnderwiisteam, yn in goede gearwurking mei de trije projektlieders,
- do bepaalt de strategyske koers fan it ûnderwiisbelied by de Afûk binnen it ramt fan Taalplan Frysk 2030 en stelt dêrfoar projektplannen en begruttingen op,
- do ûnderhâldst kontakten mei de partnerynstellingen fan Taalplan Frysk,
- do bist ûnderdiel fan de stêf fan de Afûk, dy't ûnder lieding fan de direkteur de linen foar de organisaasje útset.

#### Wat is dyn profyl?

- do hast in universitêr wurk- en tinknivo
- do hast romme ûnderfining yn it ûnderwiisfjild (leafst yn it basisûnderwiis) en/of mei de ûntwikkeling fan (digitale) learmiddels
- do hast ûnderfining mei lieding jaan oan professionals en mei it opstellen fan projektplannen en begruttingen
- do behearskest it Frysk mûnling goed en kinst goed Frysk lêze en leafst ek skriuwe

#### Wat biede wy dy?

- do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan in jier (mei mooglike ferlinging)
- salaris neffens de KAO Soarch en Wolwêzen, skaal 11, en fierder ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining

Hasto der nocht oan om mei ús it ferskil te meitsjen foar it Frysk yn it ûnderwiis, dan hearre wy graach fan dy! Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 2 septimber 2022 nei Ciska Noordmans: [ciska.noordmans@afuk.frl](mailto:ciska.noordmans@afuk.frl). Foar mear ynhâldlike ynformaasje oer de fakatuere kinst nei 15 augustus 2022 kontakt opnimme mei Alex de Jager, direkteur: [alex.dejager@afuk.frl](mailto:alex.dejager@afuk.frl), tel. 06-51019964.

Sollisitaasjepetearen sille holden wurde op moandei 12 en tiisdei 13 septimber 2022.